





Raard

Wapen: diel: 1. yn blau in sulveren krúsfindel mei in read krús; 2. yn sulver in swarte W fan boppen en yn 'e skyldfoet beselskippe fan griene klaver.

It krúsfindel stiet foar it Laam Gods, dat heart by Johannes de Doper, de tsjerkepatroan. De lofterhelte komt út it wapen Van Klaffens, wêrby't de W de earste letter is fan de stamheit Oege Thomass (yn de âlde stavering: Wge Thomass)

Flagge: broekskean diel, fan de broek ôf wyt-blau, yn in swarte W fan ientredde flaggehichte mei boppe de earste helte fan de W in grien klaver-blêd.



Uetoerpo

Wapen: yn goud in blauwe fersmelle dwerfbake, fan boppen beselskippe fan twa swarte earswjukken, yn 'e skyldfoet fan in reade tienspôt.

De tienspôt is fan Vitus, de tsjerkepatroan. De earswjukken ferwize nei it wapen fan de famylje Jarla. De namme fan dy famylje libbet noch al-tien yn de namme Jaarla-gat (Jelle-gat) en Jaarla-stiet, dy't oanjûn is mei de dwerksbake.

Flagge: flechtskean diel fan giel en read; yn it giel in swarte heale flecht.

